

De swaaisturt

De sinne skynt.

Kornelia wurket yn 'e tún.

De tún stiet fol tulpen.

Dêr komt Tomke oan.

'Wat dochsto, Kornelia?', freget er.

'Ik sykje deade bledsjes', seit se.

'Dy hearre net yn 'e tún.'

Tomke helpt Kornelia.

Hy goait de bledsjes yn 'e kroade.

Dêr is Romke ek al.

'Wat dochsto, Tomke?', freget Romke.

'Ik help Kornelia', seit Tomke.

'Dat kin ik bêst.'

Romke wol ek graach helpe.

'Toe dan mar', seit Kornelia.

'Joepy, ik mei helpe!', ropt Romke.

Syn sturtsje giet hinne en wer,

hinne en wer.

Sa bliid is Romke.

'Pas op!', ropt Kornelia.

'Net sa swaaie!'

'Tink om de blomkes!', ropt Tomke.

Mar it is al te let.

It sturtsje swaait tsjin...

ien, twa, trije tulpen oan.

De tulpen falle om.

'Oooo', skrikt Kornelia.

'Oooo', ropt Tomke.

'Oooo', gûlt Romke.

'Stil mar, Romke', seit Kornelia.

'Ik set dizze blomkes yn in faas.

En no net mear swaaie mei dyn sturt.'

